

Aldeboarn, 11 juni 1994.

De v.v. Oldeboorn út it dal mei trainer Jan van der Berg.

In öfskieferske op in bekinde melodije (Vierentwintig rozen van Toon Hermans) mei wurden diels liend fan Jan van der Berg.

v.v. Oldeboorn is in hiele bêste fuotbalclub
it publyk ropt altiid :"Hup, Boarn Hup!"
de penningmeester hat it tige dreech
de tribunes binne meastal leech

refr.

Trainer Van der Berg, trainer van der Berg
der sille wij it no jûn net oer ha!

In jiermannich lyn like it net al te bêst
de organisaasje siet as in muorre sa fêst
it rommelle der mar wat op los
der wol ik it no jûn net oer ha !

refr.

De spilers seurden en mokten wat
de resultaten leine op hun gat
der moast in goeie trainer komme
der wol ik it no jûn net oer ha !

refr.

It bestjoer wie einlings ien kear beret
hja diene yn 1990 in slimme set
hellen Jan van der Berg nei Aldeboarn
der wol ik it no jûn net oer ha !

refr.

Jan dy "gaf de jongens van katoen"
hy makke harren fuortentaliks kampioen
it like wol as diene de oare ploegen net mei
der wol ik it no jûn net oer ha !

refr.

It twadde jier gong it wat minder bêst
Hja smoarden tsjin ST. Anna op't lêst
mar soks komt sels ek de bêsten oer
der wol ik it no jûn net oer ha !

refr.

It tredde jier doe waard it echt serieus
op nei de hoofdklasse wie de leus
dat slagge achter de Westhoek mei in twadde plak
der wol ik it no jûn net oer ha !

refr.

It lêste jier mei Jan is noch net ðfrûn
'k wit wol dat'k't oant no ta spanned fûn
de útslach witte wij pas moarn as woansdeitejûn
der wol ik it no jûn net oer ha !

refr.

Noch ien wedstriid spylje en dan is it út
Sûnt de winter wisten wij fan dit beslút
Hij nimt ús beste spiler mei nei de Sweach
der wol ik it no joun net oer ha !

refr.

Fjouwer jier suksessen, fjouwer jier suksessen
der wol ik it jûn net oer ha !
Fjouwer jier suksessen, fjouwer jier suksessen
bedankt Jan van der Berg.